Moasje ex artikel 36 Reglemint fan Oarder foar de gearkomste fan de gemeenteried fan Hearrenfean

---

Fan : Ate Eijer FNP

Foar : De foarsitter fan de ried

Agindapunt **: Perspektyfnota**

Underwerp **: folweardige festiging bibliotheek yn Jobbegea en Akkrum**

De ried yn gearkomste byelkoar **: 8 july 2021**

Stelt fêst dat:

- De 4 grutte kulturele partners in taakstelling op lein krije om per 2023 struktureel te besunigjen.
- Hjirby as opsje oandroegen wurdt om in festiging fan de bibliotheek yn Jobbegea of Akkrum te slúten.

Sprekt út dat:

- De gemeenteried fan Hearrenfean op 28 juny 2012 mei in grutte mearderheid fan stimmen in moasje oannaam hat wêr yn stelt wurdt dat der yn de gemeente Hearrenfean neist de haadfestiging op It Hearrenfean der in twadde folweardige festiging yn it bûtengebiet fan de gemeente bestean bliuwe moat.
- It doarp Akkrum, wêr ek in bibliotheek festige is, op dat moment noch net by de gemeente Hearrenfean hearre.
- Der yn de gemeente Hearrenfean in sprieding fan it oanbod fan de bibliotheek bliuwe moat en dat der yn Jobbegea en Akkrum in festiging fan de bibliotheek bliuwe moat.

Fersiket it kolleezje :

- Om yn it beliedsstjoerde kontraktfinansiering mei de stichting biblioteken Súd Fryslân fêst te lizzen dat der yn de gemeenten Hearrenfean, neist de haadfestiging op it Hearrenfean, der ek yn Jobbegea en Akkrum in folweardige festiging fan de bibliotheek bestean bliuwe moat.

Yntsjinne troch: FNP, SP en HL

Dit amindement is: □ Oannommen □ Fersmiten □ Yntrokken

Stimferhâlding:
.. stimmen foar, riedsleden fraksje(s):
.. stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s):

Hântekening griffier: